



14 septimber 1844  175 JIER SELSKIP  14 septimber 2019

**JIERFERSLACH
SELSKIP
FOAR FRYSKE TÆL EN SKRIFTEKENNISSE**

2 0 2 0 en 2 0 2 1

selskip1844@gmail.com

KORRESPONDINSJEADRES – MOEZEL 222 – 9204 EM DRACHTEN

FOAROPWURD

Mar in pear wike yn it nije jier hat it bestjoer fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse yn aksje west, doe sloech yn febrewaris 2020 koroana ta en kamen aktiviteiten ta stilstân.

In grutte slach oerkaam de famylje Wijbenga op 31 maart, de datum dat Dries Wijbenga ferstoar.

BETINKE

ANDRIES WIEGER WIJBENGA

2 july 1945 - 31 maart 2020

noch mar 74 jier âld

Woansdei 1 april 2020 giet moarns de tillefoan.

It is mei Agnes, de dochter fan Dries.

Froukje hie sein: “ do moast dy frou efkes skilje “.

Ik sit ûnferweechlik, ik wit wa't Agnes is.

Ik hear in dochter fertellen, in stim fol fertriet, har heit is ferstoarn.

Stil harkje ik nei har ferhaal en besykje it boadskip te begripen. It hoe, wat, wannear, wêr, ensafuorthinne komt letter wol.

En eins fyn ik it ek net te begripen.

Dries hat in swiere tiid efter de rêch, fan in lange tiid wachtsje op in operaasje, dan einliks de operaasje, in lange tiid fan revalidaasje en ja!

Dries stuts de holle wer troch it halster. It gie mei him wer de goede kant út, hy hie ek wer nocht oan syn bestjoersfunksjes by it Selskip en by Ifat en pakte dy ek wer op, by it Selskip moast de boel wer op poaten.

Yn de rin fan de jierren geane jo, lokkich, net allinne saaklik mei elkoar om.
Ut syn fertellen witte wy dat Dries (en Froukje) trije dochters ha.
Ik ha harren noait moete, mar sa njonken lytsen, diele jo wol meielkoar in bytsje
” it wel en wee “. Sa as sein: lokkich geane wy net allinne saaklik meielkoar om.

Foarjier 2020

Wy sitte yn in rare tiid, it begjin fan, wat wy doe noch net wisten, fan in hiele lange tiid fan koroana.

Bestjoersleden fan Selskip en Ifat moatte ynformearre wurde en it regeljen fan advertinsjes en blommen.

Wy sille net by it ôfskied wêze kinne, mar wol de tsjinst digitaal folgje kinne.
Skilje en oerlis mei Selskip: Tineke van der Woude en de Kritten fan it Selskip.

Mei bestjoersleden fan Ifat:

Jan Bijkerk, Hâns Dijk, Pietie Westdijk, Geert Louwes, Tineke van der Woude en ek Ben Flootman en Kees van der Beek. Fansels wurde besibbe organisaasjes, de Provinsje en persoanen ynformearre.

Yn goed oerlis regelje wy de saken dy't fan pas binne foar it ôfskied fan Dries.
In wurd fan tank oan Alie Douma, eardere skriuwster fan it Selskip, hja wie behelpsum mei redaksje en pleatsen fan de advertinsjes.

Hiel moai dat jo yn fertrietlike tiden in berop op elkoar dwaan kinne.

Us advertinsjes fan it Selskip en fan Ifat gearfette:

Ferslein en mei grut fertriet ha de bestjoeren fan It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse en It Frysk Amateur Toaniel, kundskip naam fan it hommels ferstjerren fan de foarsitter fan it Selskip en de skathâlder fan Ifat.

Dries hat it Selskip omtrint tweintich jier tsjinne as skathâlder en foarsitter.

Fanôf 2009 hat Dries mei ús oparbeide yn bestjoer Ifat, sûnt 2013 as skathâlder.

Ek as bestjoerder wie Dries in man dy't net gau fan syn stik wie.

Rêstich, efkes de sitewaasje besjen. Net der fuortendaliks yn omslaan.

En meastal hie Dries gelyk: “it komt sa't it komt “.

Bestjoersleden

Ik ha in tal bestjoersleden fan it Selskip en Ifat frege nei harren oantinken oan Dries, benammen bestjoersleden dy't langer mei Dries oparbeide ha:

Dries wie in gemoedlik man, altyd op 't skik, en altyd ree om mei te wurkjen, sa as ek foar ferfier. Yn drege tiden wist hy it stjoer te hâlden.

Dries as persoan wie goud earlik, wy koene him alles freegje.

Syn wenkeuken beskikber stelle as lokaasje foar bestjoersgearkomsten, Froukje soarge foar wat selsbakt lekkers.

Hy wie skerp mei it opletten fan wat der sein waard, hiel typearjend: koest oan syn gesicht sjen wat er tocht. Hy naam alles yn him op, hy sei net safolle, mar as it nedich wie die hy dat hiel kreas.

Dries wie in sekuer man, rêstich, kâlm, kaam wol foar syn miening út en lokkich gjin fjoerfretter.

Mei Dries op in paad nei de Provinsje, Ifat fertsjintwurdigje, nei de gemeente Ljouwert om in ûnderskieding foar Kees Kuipers te regeljen, nei oare organisaasjes en persoanen ek bûten Fryslân.

Wat in noflik man om mei gear te wurkjen, wat in wille ha wy meielkoar hân.

Stipe

Froukje wie in grutte stipe foar Dries, in rjochterhân, benammen ek mei de kompjûter.

Dries wie dochs in bysûnder bestjoerslid, hy hie in rjochterhân, in sekretaresse, Froukje en foar de jildsaken fan it Selskip Tineke van der Woude, as administrateur en foar Ifat, de hear Amperse fan Fers.

In grutte stipe foar Dries wie de eardere skriuwer Kees Kuipers, benammen foar de tarieding fan gearkomsten fan it Selskip.

Mei respekt en tagedienens tinke wy oan Dries werom.

Wy binne tankber foar syn ynset.

Wy ha in freon ferlern.

Foar de bestjoeren fan it Selskip/de Krite en Ifat:

Pietie Westdijk, Tineke van der Woude, Hâns Dijk, Jan Bijkerk en Geert Louwes.

Geeske J. Frieswijk

Maaie 2021

Hjoed-de-dei

Hjoed-de-dei wurdt de doelstelling fan it Selskip û.o. helle middels it organisearjen fan it Provinsjaal Projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders.

Om it wurk fan it Foarlêseprojekt fan it Selskip feilich te stellen ha bestjoer en Kriten it beslút naam om in aparte Stifting op te rjochtsjen.

Ek de Kriten dogge alle war de Fryske taal en kultuer fuort te sterkjen. Dat bart op ferskate wizen. Aktyf en passyf genietsje fan Frysktalich toaniel, kabaret, Fryske trûbadoers, artysten en Fryske skriuwers. Mar ek stúdzje meitsje fan de Fryske taal en skiednis of sprekkers dêroer oanharkje. Jierliks wikselsje de Kriten harren winterprogramma's ûnderling en mei it bestjoer út .

It Selskip hoedet ek it rike ferline troch de soarch foar earestienten en grêven. Bestjoer Selskip is drok dwaande om, yn oerlis mei ynstânsjes en persoanen, oplossings te betinken foar de takomst.

Tank

It bestjoer fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse sprekt har tank en wurdearring út oan Kommisje, Kriten en alle persoanen dy't der foar soarge hawwe, dat it wurk fan it Selskip ek nei har 175ste besteansjier fuortgong fine koe.

It bestjoer winksjet jo folle nocht mei it lêzen fan it Jierferslach fan 2020 en 2021.

G. J. Frieswijk, waarnimmend skriuwer

C. J. van der Woude – van der Schaaf, skathâlder

Mildaam, jannewaris 2022

**BESTJOER – FERTSJINTWURDIGING – KOMMISJE FOARLEZEN
– GEARWURKINGSFERBAN – BESTJOERSGEARKOMSTEN**

Bestjoer Selskip op 1 jannewaris 2020

Op 1 jannewaris 2020 wie it bestjoer fan it Selskip 1844 sa gearstald:

Foarsitter Hear A.W. Wijbenga,
 Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld
 0511 – 431207

Waarnimmend skriuwer

 Mefrou G.J. Frieswijk
 Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam
 0513 632989

Skathâlder Mefrou C.J. van der Woude – van der schaaf
 Moezel 222, 9204 EM Drachten
 0512 510836

Stiper Mefrou A. Akkermans - Hofstra

Bestjoer Selskip op 1 jannewaris 2021

Waarnimmend skriuwer

 Mefrou G.J. Frieswijk
 Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam
 0513 632989

Skathâlder Mefrou C.J. van der Woude – van der Schaaf
 Moezel 222, 9204 EM Drachten
 0512 510836

Stiper Mefrou A. Akkermans - Hofstra

E-post: selskip1844@gmail.com

Korrespondinsje adres Selskip: Moezel 222, 9204 EM Drachten

Fertsjintwurdiging Selskip yn:

Ifat - mei yngong fan 30 jannewaris 2020, by brief oan bestjoer IFAT:

Mefrou C.J. van der Woude – van der Schaaf

Moezel 222, 9204 EM Drachten

0512 510 836

Fakature:

Kommisje Foarlêzen Selskip

Mefrou G. J. Frieswijk (foarsitter), Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam

0513-632989

Mefrou C. J. van der Woude – van der Schaaf, Moezel 222, 9204 EM Drachten

0512 – 510836

Mefrou J. van den Berg, Vriesburgerweg 27, 8475 EK Nijeholtpade

06 12691924

Gearwurkingsferbân

It Selskip hat in gearwurkingsferbân mei it Frysk Boun om Utens. Alle nijs en ynformaasje wurdt op de hiemside set fan it Boun:

www.fryskbutenfryslan.fr

Op de side fan it Selskip stiet de folgjende ynformaasje:

1. Wat is en docht it Selskip
2. Jierferslach

De hiemside fan It Frysk Boun om Utens wurdt regelmjittich aktualisearre.

Kontakten nei bûten ta

Yn it jier 2020 en 2021 hat it bestjoer fan it Selskip dochs noch mei in tal organisaasjes en persoanen kontakt hân oer de gearwurking en it oanheljen fan de bân. Kontakten wiene der mei:

Ifat (It Frysk Amateur Toaniel)

Under oaren oer de jierlikse bydrage foar it Projekt Foarlêzen oan pjutten

De Afûk (Algemeine Fryske Underrjocht Kommisje)

Under oaren it gearwurkingsprojekt Foarlêzen oan pjutten

Frysk Boun om Utens

Under oaren oer gearwurking, jildsaken en de hiemside.

Tresoar

Bywurkje argyf fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

Redaksje it bûsboekje

Bywurkje ynformaasje oer it Selskip yn it Bûsboekje

Keamer fan Keaphannel

Bywurkje wizigingen bestjoer Selskip

Represintaasje – ûnder oaren kontakten mei mefrou Froukje Wijbenga.

GEARKOMSTEN BESTJOER SELSKIP / ALGEMIENE GEARKOMSTEN / LEDEGEARKOMSTEN

Bestjoer

Bestjoer Selskip hat oerlis hân:

Yn 2020 op 11 febrewaris en 3 augustus,

Yn 2021 op 26 jannewaris, 30 july en 11 novimber.

It bestjoer hat foaral dwaande west mei rinnende saken ôf te hanneljen en regelmjittich in nijsbrief út gean te litten nei de Kriten.

Folle mear as oars wie der oerlis fia de tillefoan en de mail.

Algemeine gearkomsten / Ledegearkomsten

Troch de al mar oanhâldende sitewaasje mei koroana, koene der gjin Algemeine gearkomsten / Ledegearkomsten organisearre wurde.

ORGANISAASJE - KRITEN

Adressen deistich bestjoer Kriten op 1 jannewaris 2020 en 2021

1. Krite Drachten

Foarsitter

Mefrou A. Annema – Annema, Sydwende 72, 9204 KG Drachten

Tillefoan: 0512 – 517079 email: annekeannema@hotmail.com

Skriuwer / ledeadministraasje

Mefrou G. Grollema – Dijkstra, Michaelsberch 19, 9202 CV Drachten

Tillefoan 06 11 86 79 36 email: Grolleman.g@gmail.com

Skathâlder

De hear H. J. De Jong, Fabriciuslaan 1/49, 9203 LC Drachten

Tillefoan 0512 779 965 email: hilbrandindrachten@gmail.com

2. Krite Easterwâlde

Waarnimmend foarsitter en skriuwer

Mefrou T. van Berkum – de Boer, de Muijnhorn 14, 8431 BJ Easterwâlde

Tillefoan: 0516 – 850186 email: tberkboer@quicknet.nl

Skathâlder

De hear J. Kort, Leegemaad 3, 8431 TS Easterwâlde

Tillefoan: 0516 – 520018 email: jennyprins@hetnet.nl

3. Krite Trynwâlden

Foarsitter

De hear P. Reitsma, Frisiastate 119, 9062 GZ Oentsjerk
Tillefoan 06 44 77 88 68 email: p.reitsma1@upcmail.nl

Skriuwer

Mefrou H. de Roos, Staniasingel 29, 9062 GL Oentsjerk
Tillefoan: 058 – 2563971 / 06 54 31 09 15 email: hderoos@cartwin.nl

Skathâlder

De hear U. Bakker, Sanjesreed 1, 9062 EK Oentsjerk
Tillefoan: 058 – 2562914 email: u.e.bakker1@knid.nl

WURK EN AKTIVITEITEN FAN IT SELSKIP

- **It Foarlêspanje / de Fryske Foarlêspanje**
- **Earestienten, grêfteikens, grêfsarken en grêven**

**Provinsjaal projekt lêzen en foarlêzen yn it Frysk oan pjutten op
pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders.**

Gearwurkingsprojekt

It ‘Provinsjaal projekt foarlêzen oan pjutten’ is in gearwurkingsprojekt fan it
Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse en Afûk / Tomke-wurkgroep.

Doel is it organisearjen fan de Fryske Foarlêspanje

Doel fan it gearwurkingsprojekt is om jierliks yn **de Fryske Foarlêspanje** foar te
lêzen oan pjutten (2–4 jier) op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by
gastâlders yn Fryslân, om sa it aktyf brûken fan de Fryske taal te befoarderjen en
it lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal te stimulearjen. De Fryske Foarlêspanje is
altyd de earste folle wike fan juny. Fanwege koroana is sawol yn 2020 as yn
2021 de Fryske Foarlêspanje nei de simmer hâlden.

Organisaasje / Utfiering – Kommisje Foarlêzen Selskip - kontaktpersoanen

Foar de organisaasje / útfiering hat bestjoer Selskip in Kommisje ynsteld. De
Kommisje Foarlêzen bestiet út trije persoanen en hat as taak de organisaasje /
útfiering fan it Foarlêspanje fia in netwurk fan 51 (list jannewaris 2020)
kontaktpersoanen. De kontaktpersoanen soargje foar de organisaasje / útfiering
yn harren gemeente / wurkgebiet.

De Fryske Foarlêspanje wurdt útfierd yn alle Fryske gemeenten, mei
wurkgebieten yn Súdwest Fryslân (5), de Fryske Marren (3), Waadhoeke (3),
Noard-east Fryslân (3) en fierders binne Boarnsterhim, Littenseradiel en
Ljouwerteradiel wurkgebieten. De útfiering fan it foarlêspanje draait folslein
mei frijwilligers. Afûk helpt it foarlêspanje mei ynhâldlike stipe en
foarmjouwing, printwurk en administraasje.

Resultaat Foarlêswike 2020

De Foarlêswike is hâlden fan 26 oant en mei 30 oktober, foar de 18^{de} kear is de Foarlêswike hâlden: wol boekjes, gjin foarlêzers.

De taryeding foar de Foarlêswike yn juny wie yn folle gong.

En doe klapte koroana deryn.

Kin de Foarlêswike wol trochgean yn juny, kinne de foarlêzers wol op ‘n paad?

Yn goed oerlis mei de kontaktpersoanen is fia post en fia mail kontakt hâlden oer de fuortgong: gjin Foarlêswike yn juny, wol yn oktober, gjin foarlêzers, spitigernôch.

Yn 2020

Ha 396 lokaasjes meidien, 261 pjutteboartersplakken en 135 bernedeiferbliuwen

Ha 266 gastâlders meidien

Ha de liedsters foarlêzen, meielkoar oan sa’n 12.500 pjutten fan 2 en 3 jier

Der binne omtrint 19.000 Fryske, 1.000 Stellingwerfse en 600 Bildtse

Tomkeboekjes te plak brocht.

Sjoch fierder it ferslach fan de Fryske foarlêswike 2020.

It folsleine ferslach fan de Fryske Foarlêswike 2020 is ek op te freegjen by emailadres: selskip1844@gmail.com

It Selskip en de Kriten binne tige ynnommen mei it Foarlêswikeprojekt. Troch it Provinsjaal Projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten is oeral yn Fryslân, yn de stêden en yn de doarpen, oeral hat it Selskip op ‘e nij har woartels en sa docht it Selskip noch altyd dat wat hja wichtich fûnen by de oprjochting yn 1844, nammentlik it stypjen fan de Fryske taal en it Frysk eigene.

Op dit stuit wurdt der wurke oan it ferslach fan de Foarlêswike 2021, gegevens wurde meinaam yn it ferslach fan it Selskip fan 2022.

Earestienten, grêfteikens, grêfsarken en grêven.

Ut it Tinkboek: *“In folk, dat syn greate mannen net earet, is se net wurdich”.*

Hoe komt it dat it Selskip behelle is by Earestienten, Grêfteikens, Grêfsarken en Grêven? De skiednis fan ien en oar is werom te finen yn it Tinkboek fan it “Hûndertjierrich bistan fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse“ 1844 – 1944. “It Selskip kent in lange en rike histoarje, mei gâns wichtige mannen yn it bestjoer, dy en safolle oaren dy’t sa’n protte foar de Fryske tael dien hawwe, binne wurdich nea forgetten to wurden. “

It Tinkboek sels stelt de fraach en jout it antwurd:

“Hwat hat dochs de reden west, dat it Selskip foar Fryske tael der ta oergien is om in eareblyk foar harren op te rjuchtsjen?” En dat andert kin dan net oars wêze as: “It oprjuchtsjen fan dizze tinkstiennen hat útslutend ta’n doel hawn ús âlde sprake to earjen en de âlde fryske beam nije soppen ta to foegjen. En dat ús earestiennen der jit in lange rige fan jierren fan tsjûgje sille hoe’t it Fryske Selskip syn greate mannen earet”.

It Selskip hat “op eigen manneboete of yn ‘e mande mei oaren “ oprjochte:

- I. Earestiennen (Earestienten)
- II. Grêftekens (Grêfteikens)
- III. Grêfsarken en
- IV. Grêven yn eigendom en / of yn ûnderhâld.

Wa wiene dy grutte mannen en wat wie harren betsjutting foar de Fryske taal en it Selskip.

I. Earestiennen

1. De stiennen (kopstikken) yn ‘e gevel fan it bertehûs fan de bruorren Halbertsma te Grou. Foar dr. Eeltsje Hiddes Halbertsma yn 1875 en dûmny Joast Hiddes Halbertsma (1e Earelid fan it Selskip) yn 1879, Frysk skriuwers en dichters. It eigendom fan de stiennen is oergien oan it Ryk.
2. It dr. Eeltsje Hiddes Halbertsma byld te Grou yn 1904. Yn 1995 is de soarch foar it byld by de gemeente Boarnsterhim lein.
3. De gevelstien yn it bertehûs fan Gysbert Japiks te Boalsert yn 1908, grutste Fryske dichter: “in berch yn it leechlân”. It Selskip hat de stien yn ûnderhâld.
4. De Waling Dykstra tinkstien te Ljouwert yn 1916, Frysk folksskriuwer en dichter, foarsitter en Eare- foarsitter fan it Selskip, einredakteur earste folsleine Fryske Wurdboek – trije dielen. It eigendom waard oan it stêdsbestjoer fan Ljouwert oerdroegen.
5. It Piter Jelles Troelstra earestiente te Stiens yn 1933, Frysk dichter. It earestiente is oerdroegen oan de gemeente Ljouwerteradiel.

II. Grêftekens en III. Grêfsarken

Der is ûnderskie makke tusken grêftekens en grêfsarken. De earsten binne oprjochte fan it Selskip, dat der foar soarge hat, dat de ferstoarne ek fan it neiteam net fergetten wurde soe; de grêfsarken binne oprjochte fan de famylje fan de ferstoarne en letter troch it Selskip oernommen.

De grêftekens oprjochte troch it Selskip binne:

1. It earestiente op it grêf fan Gerben Piters Colmjon te Ljouwert yn 1885, skriuwer en samler fan it Selskip.
2. It earestiente op it grêf fan Jacobus van Loon Janssoan te Wommels yn 1907, Frysk skriuwer, mei oprjochter fan it Selskip, skriuwer, foarsitter (34 jier) en Eare-foarsitter.
3. It earestiente op it grêf fan Tsjibbe Gearts van der Meulen te Burgum yn 1907, Frysk folksskriuwer en dichter, Earelid fan it Selskip.

De grêfsarken dy't eigendom fan it Selskip binne, moat men sykje op de tsjerkhôven te:

4. Baard, op it grêf fan Harmen S. Sytstra yn 1862, Frysk skriuwer, dichter en mei oprjochter fan it Selskip.
5. Readuzum, op it grêf fan Alle Jans Smeding yn 1902, Frysk skriuwer, ien fan de âldste en foarste leden, Earelid en skathâlder (29 jier) fan it Selskip.
6. Hallum, op it grêf fan Meindert Rozenga yn 1928, Frysk skriuwer / strider.
7. Ryptsjerk, op it grêf fan Auke Boonemmer yn 1937 , Frysk skriuwer.

Tinkteken Tsjearde Velstra, te Jelsum yn 1919, Fryske toanielskriuwer (tinkteken yn 'e mande mei it Ljouwerter toanielselskip).

IV. Grêven

It Selskip hat it eigendom en/of it ûnderhâld fan de grêven te:

1. Baard, fan Harmen S. Sytstra
2. Hallum fan Meindert Rozenga,
3. Ryptsjerk fan Auke Boonemmer
4. Burgum fan Tsjibbe Gearts van der Meulen
5. Burgum mefrou Grietje Peereboom, widdow fan Tsjibbe Gearts

Yn 2004 is it Selskipbestjoer by alle earestiennen en grêven lâns west om ris te sjen hoe't alles der hinne leit. Fan dizze tocht is ferslach makke: Ferslach fan de Ynspeksjetocht op 18 maaie 2004.

Yn 2013 is it grêf fan Meindert Rozenga yn Hallum opkreeze.

Yn 2015 is de tinkstien fan Halbertsma te Grou opkreaze troch de gemeente Ljouwert. De stien fan Gerben Colmjon op de âlde begraafplaats oan de Spanjaardsleane sjocht der no better út, ek mei tank oan de gemeente Ljouwert.

Bestjoer Selskip hat nei de simmer de soarch om de grêven wer oppakt en siket om stipe foar dit bysûndere besit.

Hoe steane de monuminten derfoar en hokker persoanen / organisaasjes kinne it Selskip hjirby helpe. Foar de takomst moat dit erfskip feilich stelt wurde.

De earste kontakten mei persoanen en organisaasjes binne lein, it is sykjen om stipe, om sawol oan help as jild te kommen.

Fia de Algemiene gearkomste fan it Selskip fan 8 novimber 2019 krige it bestjoer advys, fan de krite Easterwâlde, om kontakt op te nimmen mei de hear Siem de Vlas.

Dy woe wol mei ús yn petear. De hear de Vlas hat de noadige ynformaasje fan te foaren tastjoerd krigen.

Op 11 febrewaris 2020 hat it oerlis plak fûn yn Hurdegaryp.

De Vlas hie al in soad foarwurk dien nei persoanen / organisaasjes en hie ek in oanpak op papier set.

It wie in helder petear wêr it bestjoer mei oan de slach koe.

Helaas, ek hjir hat koroana der foar soarge dat it fierdere oppakken stûket.



Selskip Balâns op 31 desimber 2019			
Aktiva			Passiva
Betelrekken	€ 276,02		Foarlêsprojekt(noch betelje) € 1.575,00
Sparrekken	€ 2.299,15		
Subs. IFAT 2018 noch te ûntf.	€ 1.700,00		Kaptaal € 2.700,17
Totaal	€ 4.275,17		Totaal € 4.275,17

Selskip Balâns op 31 desimber 2020			
Aktiva			Passiva
Betelrekken	€ 79,84		
Sparrekken	€ 2.099,28		
			Kaptaal € 2.179,12
Totaal	€ 2.179,12		Totaal € 2.179,12

It saldo op de rekken Jubileumfûns op 31-12-2020	€ 742,97.
---	------------------

Drachten, febr. 2021

Ut namme fan it bestjoer:

Opmakke troch:

G.Frieswijk, wnd.skriuwer

C.J van der Woude - van der Schaaf, skâthâlder

Selskip Eksploitaasjerekken 2020		
	Baten	Lêsten
Ynlagen Krite	€ 378,00	
Rinte	€ 0,13	
Burokosten		€ 384,43
Kosten Gearkomsten		€ -
Reiskosten Bestjoer		€ -
Grêfrjochten		€ 109,75
Ferskaat		€ 280,00
Eksploitaasje tekoart	€ 396,05	
	€ 774,18	€ 774,18
Kaptaal op 1 jannewaris 2020	€ 2.700,17	
Eksploitaasje tekoart		€ 396,05
Korreksje splitsing Selskip-Foarlezen		€ 125,00
Kaptaal 31 desimber 2020	€ 2.179,12	

Drachten, febrewaris 2021

Ut namme fan it bestjoer

Opmakke troch:

G.Frieswijk, wnd.skriuwer

C.J. van der Woude-van der Schaaf,
skâthâlder

Selskip Balâns op 31 desimber			
<u>2020</u>			
Aktiva		Passiva	
Betelrekken	€ 79,84		
Sparrekken	€ 2.099,28		
		Kaptaal	€ 2.179,12
Totaal	€ 2.179,12	Totaal	€ 2.179,12

Selskip Balâns op 31 desimber			
<u>2021</u>			
Aktiva		Passiva	
Betelrekken	€ 104,61		
Sparrekken	€ 1.699,51		
		Kaptaal	€ 1.804,12
Totaal	€ 1.804,12	Totaal	€ 1.804,12

It saldo op de rekken Jubileumfûns op 31-12-2021	€ 743,04
---	-----------------

Drachten, jannewaris 2022

Ut namme fan it bestjoer:

Opmakke troch:

G.Frieswijk, wnd.skriuwer

C.J van der Woude - van der Schaaf, skâthâlder

Selskip Eksploitaasjerekken 2021		
	Baten	Lêsten
Ynlagen Krite	€ -	
Rinte	€ 0,23	
Burokosten		€ 342,48
Kosten Gearkomsten		€ -
Reiskosten Bestjoer		€ -
Grêfrjochten		€ 32,75
Ferskaat		
Eksploitaasje tekoart	€ 375,00	
	€ 375,23	€ 375,23
Kaptaal op 1 jannewaris 2021	€ 2.179,12	
Eksploitaasje tekoart		€ 375,00
Kaptaal 31 desimber 2020	€ 1.804,12	

Drachten, jannewaris 2022

Ut namme fan it bestjoer

Opmakke troch:

G.Frieswijk, wnd.skriuwer

C.J. van der Woude-van der Schaaf,
skâthâlder